



Ien wurd: ‘Netsjes’

Fan jongs ôf wie ik gek op fuotbaljen. Skean foar ús hûs stienen in stik as seis beammen. Se wienen dêr plante, want se stienen hast allegearre op deselde ôfstân fan elkoar. In meter as fiif en in heal.

De efterste twa foarmen tegearre in prachtich fuotbaldoel. Wat ha ik dêr in oeren trochbrocht, dat komt net sa krekt. Altyd mar wer de bal sjitte as wie it in frije traap. Hûnderten kearen. En mei syn twaen, mei in seis jier âldere jonge fan de buert, wie it hielendal feest. Ien as keeper, de oare naam him ûnder fjoer; Søren Lerby, Frank Arnesen of Arie Haan, mar krekt yn hokker stimming at wy wienen. Altyd mei syn twaen, en oars allinnich. De Marijkemuoiwei tilde net op fan de bern, en dy't dêr wennen, gienen nei in oare legere skoalle. Wy fytsten nei Ketlik, nei De School Met Den Bijbel, de oaren besochten de iepenbiere Albertina Agnesskoalle yn It Wâld. Wy wienen dus wat frjemde einen yn it bit.

Nei skoaltiid fytste ik nei hûs; as de kij ophelle en de keallen berêden wienen, koe it los mei de fuotballerij. De bal dy't foarhannen wie, wiksele geregeld. In echte learen bal wie lúks, meastal wie er fan plestik. Ik hie in learen bal, mar dy wie gauris lek. Omdat ik net genôch jild foar in nijen hie, prutste ik ien fan de naden fan it stik lear dêr't it fentyl siet los, en luts de binnenbal der út. 'Krekt in ko dêr't it liif út is', lake heit, doe't er my omgriemen seach. Mar ik fûn it lek, plakte it, naaide de bal mei izerjern wer ticht en blaasde der lucht yn. Sa grutsk as wat.

Ien fan de lytse ergernissen dy't wy ûnder it fuotbaljen meimakken, wie dat der minsken wienen dy't de auto parkearren tusken de beammen dêr't wy ús goal hienen. Der stienen mear beammen, mar dat fiede net itselde. Guon lju woenen de wein wol fersette as wy dêr om fregen, mar der wienen ek dy't lyk by ús troch seagen en sa de bosk yn rûnen. 'Kloaterige Feensters', wie dan ús kommentaar, leafst krekt sa lûd dat se it hearre koenen. Meastal holp it net. Op 't lêst hienen wy wol aardich troch hokker minsken at moedwillich harren auto op ús boartersplak sette woenen. As wy se oankommen seagen, dienen we in partijtsje mei twa fuotballers, krekt op it plak dêr't we wol fan wisten dat se graach de wein delsette woenen. De bretalen toeteren ús dêr wei, oaren joegen belies en parkearren in eintsje fierderop.

Under de fêste gasten dy't geregeld kamen om in ein troch de bosk te kuijerjen wie in wat âlder pearke, dat ús gjin striebreed yn de wei lei. Se setten de auto altyd sa del dat we dêr gjin lêst fan hienen. De frou ried. Se helle in rolstoel út de kofferbak en heistere dêr har man yn. It koarte skoftsje wylst se de koffer tichtdie, de auto op slot sette en de jas en sjaal goed luts, siet de man altyd stiif nei ús te sjen. Hy hong wat skeef yn de rolstoel.

Ien kear hat er wat tsjin my sein. Ien wurd.

It wie op in snein en prachtich waar.

Ik hie de bal op in meter as tweintich fan de goal lein, en raasde dat ik Michel Platini neidwaan soe. De arrogante oanfierder fan it Frânske alvetal wie krekt foar in soad jild nei Juventus gien. Eins mocht ik de man doe al net, mar syn traaptechnyk wie fenomenaal.

‘Platini? Dat is in rotsak!’ sei myn maat.

‘Mar hy kin wol goed frije trapen nimme’, sei ik, wylst ik wat romte makke foar in auto, dêr’t ik de frou en de man fan de rolstoel yn sitten seach. De frou lake, krekt as woe se witte litte dat se ús koe. It wie drok op it fytspaadsje, ik moast efkes wachtsje foardat ik de bal rjochting de goal sjitte koe. De man siet krekt yn syn rolstoel, doe’t ik myn oanrin naam.

Mar in kear as wat yn jo loopbaan as fuotballer witte jo op it momint dat je in bal reitsje, dat it goed is. Dat is ynstinkt of sa, dreech út te lizzen. Ik mei wol sizze dat it my net faak oerkaam is. Utsein dy sneintemiddeis, ein augustus 1982. Sa’n traap docht ek net sear, hoe hurd at je de bal ek reitsje. Ik seach dat de man nei my siet te sjen.

‘Wêr wolst him ha? Lofts of rjochts?’ blufte ik.

‘Krijst him amper oan de goal ta fan dy ôfstân, miger!’ lekskoeide de keeper. Efkes krústen de eagen fan de man en dy fan my elkoar. Doe draafde ik nei de bal ta.

It waard myn bêste frije skop ea. Mei in pracht fan in effekt draaide er, ûnhâldber foar myn maat, de rjochter boppehoeke yn. Hy seach suver wat sneu. ‘No wol ik!’ raasde er, doe’t er de bal ophelle hie. Ik knikte en gie tusken de beammen stean.

De frou krige de beide hângrepen fan de rolstoel beet en treau him foar har út.

‘Netsjes’, hearde ik. Ik seach nei de man, dy’t nei my knikte. Dêrnei seach er wer like stoef foar him út as dat er altyd die. Tegearre ferdwûnen se oer it fytspaad De Fuotpaden de bosk yn.

Letter dat jier, doe’t ik tegearre mei heit nei it Sportpark Noord oan de JH Kruisstraat gie, foel my wat op.

Heit en ik gienen net sa faak nei it fuotbaljen, mar as we al gienen, sieten we op de easttribune. It wie de tiid fan de ‘Brusselse kermis’, neamd nei de tige populêre trener Henk van Brussel. Hotseknots fuotbal mei mar ien doel: winne. De tribunes sieten fol. Wy kochten altyd in kaartsje oan de kassa, mar dy kear siet it buordsje ‘útferkocht’ efter it rútsje. ‘Op de steantribunes is noch wol plak’, sei de steward.

‘Wy binne hjir no’, sei heit. En sa kochten wy in kaart foar it steanfek ûnder de haadtribune. Flak foardat de wedstriid begjinne soe waard immen yn in rolstoel flak njonken de dug-out delplante. It Feen ferlear mei 1-2. Fan wa wit ik net mear.

In wike letter wie ik wer drok mei de bal oan de gong, doe’t it stel mei de rolstoel der wer oankaam. Pas doe foel it kwartsje, it wie deselde as dy’t ik yn it fuotbalstadion sjoen hie. Jûns ûnder iten sei ik: ‘Jim witte wol dat hjir altyd ien komt te kuierjen?’

‘Hjir komme safolle te kuierjen’, skampere myn broer.

‘Leuk hear, mar ik bedoel dy man yn de rolstoel.’

‘O, do bedoelst Abe en Hil’, sei mem.

‘Wa?’

‘Abe Lenstra en de frou’, sei heit.

Ferdinand de Jong

